121108

De Feriening Frysk Underwiis 25 jier!

Tom Dykstra, foarsitter FFU

Tom Dykstra (l.) en Hans de Haan (r.)

Yn 1987 is der yn Fryslân feest fierd mei as ynset *50 jier Frysk op skoalle*. Mei *Sipelsop en sûkelade* en bygelyks mei de útfierings fan de musikal *Joazef master dreamer* troch studinten en dosinten fan de doe noch besteande Snitser Pedagogyske Akademy 'De Him'.

Feest, omdat yn 1937 de LÛ-wet fan 1920 sa feroare waard dat yn it leger ûnderwiis (no basisskoalle) by de fakken lêzen en Nederlânske taal ek ûnderwiis yn it Frysk jûn wurde mocht. It Frysk waard noch net by namme neamd, mar oantsjut as '*streektaal in levend gebruik*' en dy libbene streektaal waard net ferplichte, mar krige in fakultative status. Skoallen, dy't der net oan woene, koene it Frysk sa maklik bûten de doarren hâlde.

Mar dochs feest yn 1987! Feest mei in rourântsje fansels, want de ynfiering fan it ferplichte fak Frysk yn 1980 gie ek net as slydjaget. Tefolle skoallen, benammen yn de gruttere plakken, besochten om oan de ferplichting te foldwaan mei in oerke Fryske les yn 'e wike, in ferske , in ferhaaltsje of it folgje litten fan in Frysktalich radio- of tillevyzjeprogramma. De wet sei ommers dochs neat oer hoefolle tiid oft der oan it Frysk spandearre wurde moast? Of wat no eins it doel fan dat nije fak wie? Kearndoelen Frysk bestiene noch net.

Wêr koene âlden, learkrêften en ek oare belanghawwenden stipe krije as it Frysk op skoalle syn gerak net krige? Yn dy situaasje en kontekst is de *Feriening Frysk Underwiis* oprjochte. It idee efter de oprjochting wie om mei-inoar sterker te stean en sa de skoallen yn Fryslân Frysker te meitsjen. Yn de praktyk foel dat lêste ôfgryslik ôf. In skoalle is wat soks oanbelanget in ynstitút dat it mier hat oan potsjegnuvers. Men hat dêr in moai begryp foar: *relative autonomy*. Bûten de wetlike ferplichtings fan de oerheid hat de skoalle in stik frijheid om it ûnderwiis neffens eigen ynsjoch stal te jaan op grûn fan eigen pedagogyske útgongspunten en/of libbensskôging.

No moat it fansels ek net sa wêze, dat as in âlder wat ropt it skoalwurkplan samar oer de kop helle wurde moat. Yn de gefallen dat wy as FFU kontakt socht hawwe mei in skoalle, hawwe wy de keninklike wei folge: kontakt sykje mei bestjoer en meisizzenskipsried fan de skoalle. Harren wize op harren taak foar it Frysk oer en freegje om dat as FFU taljochtsje te meien. De reaksjes wiene net bemoedigjend, sa yn de trant fan: "Wêr bemuoie jim jimme eins mei? De bern moatte leare fierder te sjen as Wolvegea!" En dêr hat it Hollânsk it monopoalje. In pear ieuwen efterstelling fan it Frysk yn it ûnderwiis miste en mist syn útwurking net op âlden, learkrêften en skoalbestjoerders.

Lokkich hie en hat de FFU ek noch oare izers yn it fjoer. Wy hawwe yn al dy jierren oanhâldend besocht om de steatsnasjonale en ek de provinsjale oerheid by de les te hâlden as it giet om wetjouwing en de ymplemintaasje fan it Frysk yn it ûnderwiis yn Fryslân. Wy hiene ek hege ferwachtings fan de kommisje-Hoekstra yn de diskusje oer desintralisaasje fan ûnderwiisfoech nei de provinsje, mar der kaam gjin echte trochbraak. It ministearje fan OC&W hold en hâldt de boat ôf. En de provinsje dan? It hâldt ek noch altiten net oer.

De FFU is in ûnôfhinklike belange-organisaasje. Friezen binne gauris benaud om harren te organisearjen as it om it hoedzjen en noedzjen fan de eigen taal en kultuer giet. En om har lûd helder en klear hearre te litten. Bang as hja ornaris binne foar de skerpe tonge fan de Hollânsktaligen en de Friezen dy't harren bekeard hawwe ta it Hollânsk. Sa'n ûnderdienige, ûnderhearrige hâlding is in skaaimerk fan efterstelde minsken. Dêrom is de FFU ek net sa grut wurden yn de ôfrûne 25 jier. Mar dat wol út noch yn net sizze dat de FFU net fan betsjutting is as in lûs yn 'e pels. Wy wurde earnstich nommen troch it provinsjaal bestjoer. De Steaten hawwe in sympoasium organisearre om ús *Oanfalsplan* Frysk hinne. Der is in kanon foar de Fryske skiednis gearstald op inisjatyf fan de FFU, dy't in goed plak krije moat yn de skoallen. Der komme nei 25 jier striid no einlings kearndoelen foar it Frysk yn it spesjaal (fuortset) ûnderwiis. En goede toetsmiddels foar it basisûnderwiis.

Tom Dykstra (l.) en Hans de Haan (r.) mei eare-oarkonde

En sa is der wol mear te neamen. Sjoch ris op ús FFU-webstek en lês ús struibrief dat hjir op de tafel leit. En stypje ús yn ús striid foar de trijetalige skoalle, mei in goed plak foar it Frysk. En foar bettere ûnderwiiswetten en in bettere ynspeksjekontrôle. Dêr hawwe jimme as learaars Frysk allegearre grut belang by. Dat kinne wy net allinnich. Wy kinne jimme help dêr skoan by brûke. Sa'n helper is ûnderwiisman Hans de Haan út Holwert. Ik rjochtsje my no benammen ta him.